

Amendement ex art. 35 reglemint fan oarder foar de gemeenteriedsgearkomste fan de gemeente Heerenveen

Fan : Ate Eijer - FNP

Oan : De foarsitter fan de ried

Agindapunt : **Perspektyfnota**

Underwerp : **Heerenveen Zorgt Regeling ombuging 68**

De ried yn iepenbiere gearkomste byinoar : **8 july 2021**

Stelt de wiziging fan it foarstelde útstel foar:

- Ombuging nr. 68 oan te passen

Taljochting:

Der binne 2000 minsken dy't gebrûk meitsje fan de beide besteande soarchregelingen. 500 foar de HZR en 1500 foar de AV Frieso. Dizze oanfullende soarchregelingen wurde foaral brûkt troch minsken dy't har oars net oanfullend fersekerje soene omdat dit te djoer is. In ynstek dy't as in jas past by it belied fan ús gemeente dat elkenien yn ús gemeente meidwaan kin. De AV Frieso is in djoere oplossing en soarget foar in soad administratief wurk foar de organisearring. Troch te kiezen foar ien regeling foldogge we oan ús eigen belied. Wannear alle folwaksenen gebrûk meitsje sille dan sille dat neffens de organisearring ungefear 1500 minsken wêze. De kosten binne p.p 155 euro. Dat is 232.000 euro.

Beslút:

De tekst op side 23 fan de perspektyf nota oer ombuging 68 te skrappen en te feroarjen yn de folgjende tekst:

Verlagen budget collectieve ziektekostenverzekering (nr.68 Ombuigingsbundel)

~~We hebben twee zorgregelingen voor mensen met een laag inkomen:~~

- ~~• De Heerenveen Zorgt Regeling (HZR)~~
- ~~• De collectieve zorgverzekering~~

We kiezen voor de Heerenveen Zorgt Regeling (HZR) en stoppen met de collectieve verzekering AV Frieso.

~~Bij stopzetten van deze regeling met ingang van 2022 levert dit een besparing op van structureel € 375.000 per jaar.~~ **een geschatte besparing op van structureel € 150.000,- per jaar.**

Yntsjinne troch: FNP en HL

Dit amendemint is:

☐ Oannommen

☐ Fersmiten

☐ Yntrokken

Stimferhâlding:

.. stimmen foar, riedsleden fraksje(s):

.. stimmen tsjin, riedsleden fraksje(s):

Hântekening griffier: